

BONGELBOEKEPRIIS 2010

fan de NHL

FOAR IT BÊSTE JONGEREINBOEK

út 2009/2010

De rige 'De Traveliers'

Skriuwers: Anny de Jong, Auck Peanstra en Jan Schotanus

Utjouwer: Afûk, Ljouwert

Sjueryleden: Liuwkje Everts, Jacob Kingma, Lieukje Leistra

maaie 2010

Sjuery-oardiel oer

Ynhâld

Al ferskynde dielen:

Anny de Jong: 'Yslik aktyf'

Auck Peanstra: 'It goud fan de Aboriginals'

Anny de Jong: 'In flitsend hûntsje'

de rige 'De Traveliers'.

De haadpersoanen yn de boeken út de rige 'De Traveliers' binne heit en mem Travelier, soan Hidde en dochter Fardau. De freon fan Hidde - Jelle- en de freondinne fan Fardau - Doutsje- spylje ek in belangrike rol yn de boeken. Heit Travelier moat troch syn wurk by it "Geologisch Instituut" gauris nei it bûtenlân. Mem en bern geane mei as dat kin. Sadwaande wurde de fakânsjes nochal ris yn it bûtenlân trochbrocht. En dêr wurde hiel wat aventoeren belibbe.

Heit Travelier moat foar syn wurk nei Yslân. Dêr moatte tariedingen troffen wurde foar de oanlis fan in elektrisiteitskabel fan Yslân nei Ingelân troch de boaiem fan de oseaan. In groep miljeu-aktivisten hat oanjûn it wurk sabotearje te sille. As heit Travelier nei Yslân giet, reizgje Fardau, har freondinne Doutsje en mem Travelier him nei. Se besykje moaie plakken yn de Yslânske natuer. Mar de famkes reitsje ek belutsen by gefaarlike situaasjes. Sels mem Travelier ûntkomt net oan de misdiedige plannen fan de miljeu-aktivisten.

De famylje Travelier reizget yn de simmerfakânsje mei in camper troch Australië. Nei in besite oan in âlde goudmyn krije se maleur mei de camper. Wannear't se wachtsje op de helptsjinst, rinne de bern de woastyn yn, wylst wurde harren âlden ûntfierd. Yn de woastyn krije Hidde en Fardau help fan in groep Aboriginals. Se leare fan harren datst ek yn de woastyn libje kinst fan wat de natuer dy jout. Achter de ûntfiering sitte ylligale goudhannelers. Uteinliken wurde de bern mei harren âlden ferienige.

Heit Travelier moat foar syn wurk nei Londen. Fardau en Doutsje reizgje mei him en in âlde skoallekameraat fan Travelier yn de maaiefakânsje nei Skotlân ta. Se útfanhûzje by omke Andrew, muoike Lysbet en neef Hugh op in skieppebuorkerij. Hugh docht mei syn

bordercollie Sweep mei oan in sheepdogtrial. Oan 'e ein fan 'e dei is Sweep fuort. Der komt sels in tillefoantsje dat er dea is. De ûntknoping fan de ûntfiering fan Sweep fynt plak yn de simmerfakânsje. Dy bringe mem Travelier, Fardau en har freondinne Doutsje wer troch yn Skotlân.

Ynhâld algemien

De aventoeren spylje harren ôf yn ferskate lannen. Sa wurde dy lannen en de kultuer en natuer dêryn beljochte. De aventoerlike situaasjes binne realistysk beskreaun. Se kinne har yn werklikheid sa ek foardwaan. It praat en de situaasjes tusken âlden en bern binne hiel werkenber. Trochdat in dochter (mei in freondinne) en in soan (mei in freon) de haadrollen hawwe, sille de boeken sawol famkes as jonges oansprekke.

Taal en styl

De aventoeren fan de 'Traveliers' wurde beskreaun yn heldere, koarte sinnen yn maklik lêsbere Frysk. Te drege Fryske wurden komme der net yn foar. It taalgebrûk past ek goed by de leeftyd fan de haadpersoanen en sil tichteby de lêzers fan de boeken stean.

Foarmjouwing

De boeken binne printe yn in noflik en goed lêsbere lettertype. It tal siden sit om de 125 hinne. De haadstikken binne net te lang en hawwe in titel. De rêgen fan de boeken hawwe in kleur út de seis banen op de achterkant. De foarkant hat ek in pakkende kleur mei dêrop dúdlik de namme fan de rige en de titel fan it boek. It plaatsje noeget út om it boek iepen te slaan en de hiele lay-out fan it boek docht dat ek.

Konklúzje fan de sjuery

De rige is in moai inisjatyf fan de trije skriuwers. De orizjinaliteit fan de kar foar haadpersoanen en omstannichheden dêr't sy yn telâne komme, wurdt tige wurdarre troch de sjuery. It meidwaan oan de rige troch trije skriuwers is in pluspunt. Elk skriuwt op har of syn eigen wize. Tusken de boeken sit soms in nivoferskil kwa taalgebrûk en kwa tematyk, sadat elk bern op syn eigen nivo lêze kin. It útbringen fan audioferzjes stipet ek minder betûfte lêzers. De sjuery hopet op in lang libben foar de rige 'De Traveliers'.